



[Parseberjocht](#)

Rink van der Velde – De fjildferhalen

Rink van der Velde fielde him nearne sa goed thús as yn fjild en bosk. De natuer joech him it gefoel dat er frij wie. As jonge strúnde er om yn de bosken fan Beetstersweach en learde er de natuer troch skerp observearjen fan tichtby kennen. Fiskje en jeie wie syn lust en syn libben.

En harkje nei de ferhalen fan manlju dy't de tiid noch meimakke hiene, doe't minsken libje moasten fan de fiskerij en de mollefangerij en de jacht op murden. De fjildferhalen fan Rink van der Velde binne prachtich skreaun en steane fol mei sekuere observaasjes fan it hâlden en dragen fan minske en bist yn it iepen fjild. Ultsje G. Hosper, direkteur fan It Fryske Gea, skreau it foarwurd by dizze bondel.

Rink van der Velde (1932-2001) wie ien fan de populêrste skriuwers dy't Fryslân kend hat. Syn wurk, benammen syn ynkringende oarlochsnovelle *De fûke*, waard be kroand mei de Gysbert Japikspriis.



Boekgegevens:

Rink van der Velde, *De fjildferhalen*. Friese Pers Boekerij bv, 2009

Omfang: 208 siden

ISBN: 978 90 330 08665

Ferkeappriis: € 18,50

Voor meer informatie over de uitgave, de auteur, de presentatie of het aanvragen van een recensie-exemplaar:
Vera van Balen. Telefoon 058-284 5390/ vera.van.balen@ndcvbk.nl

Zowel dit persbericht als een hoge resolutie-afbeelding van het omslag zijn in digitale vorm beschikbaar via www.frieseipersboekerij.nl onder de knop 'Parse ynformaasje'.